



IT SKRIUWERSBÛN

LEARSUM, SFEARFOL EN GESELLICH

Skriuwerswykein Nij Allardseach, 4 en 5 novimber 2023

Mei fyftjin minsken kamen we op sneontemoarn 4 novimber by inoar yn "De Fazant" op Nij Allardseach by Bakkefean. Nij in earste kopke kofje wie it tiid foar ús earste sprekker fan de dei: **Erik Betten**. Erik is benammen by de jeugd bekend as skriuwer fan spannende boeken, sa as "Quarantaine", dat by in soad skoalbern ek op de lêstlist stiet.

Hy fertelde ús mear oer de struktuer fan it skriuwen fan in spannend ferhaal. Dat hoecht dan net daliks in skriller te wêzen, want ek yn 'gewoane' romans is in goede opbou fan spanning fansels wichtich. In ferhaal kin yn wêzen yn fjouwer parten opdield wurde: it begjin, middenstik 1, middenstik 2 en in ein. Tusken dy dielen komt dan in spanningsmomint of omslaphpunt. Sempel dochs? No... Nee!

By it opsetten fan de dielen komme der hieltyd oare fragen oan bar, en mei de skema's fan Erik (*sjoch de taheakke PDF fan syn powerpoint*) koenen we dan nei syn presintaasje (en nei in sûne en oerdiedige lunsj..) sels oan it wurk.



Erik Betten jout syn presintaasje



Mei de stopwatch derby gienen wy oan it skriuwen. Erik stelde in fraach en joech ús dan in pear minuten om dêr wat oer op papier te setten. Sa 'blanko' mei in ferhaal begjinne, smyt nijsgjirrige ideeën op! De fragen wienen eins hiel ienfâldich: Wêr binne we? Wa folgje we? Wat wol it personaasje? Wat is syn sterke en swakke punt? Wat soarget foar it earste momint fan spanning en wat is it sintrale konflikt dat no dúdlik wurdt? Hokker earste oplossing kin hjir foar fûn wurde? En sa fierder... Nei tolve fragen hie elk in moaie opset foar in nij ferhaal. Mar wy murken dat it ek prima wurket foar in toanielstik, of sels foar in gedicht! Erik hat ús echt even neitinke litten oer de basis en oer it belang fan in goede struktuer foar ferhalen.

Allegearre drok oan it wurk...

It twadde diel fan de middei kamen we neier yn 'e kunde mei **Anita Terpstra**, de skriuwster fan it boekewike-kadoboek. Anita skreaun it yn it Nederlânsk, Martsje de Jong sette it oer yn it Frysk. Dat wie fansels alderearst in fraach wurdich. It die bliken: Anita is Friezinne, praat Frysk, hat gjin muoite mei it lêzen, mar kin it net skriuwe. Wy rikkemandearren har in Afûk-kursus oan!



Anita Terpstra en Jetske Bilker

fan tematyk. Mar dat slagge, nei earst wat teloarstelling en de nedige wikselingen fan útjouwerij. Hja is bliid dat se fan it skriuwen goed bestean kin, finansjeel ûnôfhinklik is.

Anita gie mei ús alle (dus Nederlânsktalige) boeken bylâns dy't sy skreaun hat, en fertelle mear oer de bân dy't hja hat mei har útjouwers. Goeie redakteuren binne tige wichtich, mat men moat ek fêsthâlde doarre oan de eigen útgongspunten. Thrillers skriuwe docht se fansels mei niget, mar de lêste jierren leit hja har ek ta op non-fiksje. Famyljeskiednis bygelyks, fan har foarfaars dy't op 'e heide yn Noard-East Fryslân libben. (*"Al mij moeders, een familiegeschiedenis van analfabeten, armen en arbeiders"*) En, lykas yn it boekewikegaskink (*"Hiltje yn Pella"*), de rol fan froulju yn de emigraasje nei Amearika en wat hja dêr fan it libben makken. It duorre wol even ear't hja in útjouwer fûn dy't fidúsje hie yn har feroaring

Nei it treflike **Skriuwersmiel** waard it tiid foar de lêzing fan **Janneke Spoelstra**. Dit ûnderdiel fan it Skriuwerswykein waard ferpleatst fan sneintemoarn nei sneontejûn. By it Skriuwersmiel hienen wy al rekkene op Jacobus Q. Smink, mar dy kaam letter... De taksysjauffeur hie him mei de rollator op sa'n oardel kilometer fan ús ferbliuw ôfsetten... Mar Janneke's lêzing hat er goed meinommen en wy hienen fansels iten foar him bewarre. De lêzing giet oer de ynterviews dy Janneke Spoelstra oant no ta hâlden hat en noch hâlde sil mei Fryske dichtersessen yn it ramt fan de ynterviewbondel dêr't hja yn maart 2022 mei begûn is. De ynterviewbondel is bedoeld as update fan Jelma Knols boek "Ut syn aard wei froulik: de Fryske dichtersessen en it misferstân" (1993) en ferskynt yn de Literêre Rigen fan de Fryske Akademy.

Janneke Spoelstra seach nei ferskillende persintaazjes froulju yn de Fryske literatuer. Guon persintaazjes binne in update fan Jelma Knols sifers út 1993, bygelyks hoefolle froulju bydroegen hawwe oan de Fryske literêre tydskriften "Hjir" en "Ensaft", en in tal nije persintaazjes, lykas it meidwaan fan froulju oan Dichterskollektyf Rixt. Hja beseach ek hoe't de Fryske sifers har ferhâlde ta de gegevens oer de partisipaasje fan froulju yn de Nederlânsktalige poëzy en de poëzy yn Ierlân. Wat yn it eardere ûndersyk fan Knol – en no ek wer út it ûndersyk fan Janneke – nei foaren komt, is dat it oandiel fan froulju beheind is (likernôch 25%). Janneke freget oft wy witte wêr't dit troch komt. Hawwe mannen mear lef, doarre dy mear? Eins binne dizze ferhâldingen werom te sjen yn hiel de maatskippij, mei fansels hjir en dêr útsjitters yn it foardiel fan de frou.

Janneke dielt njonken al dizze statistyske gegevens ek in tal gedichten fan Baukje Wytsma en Aggie van der Meer mei ús. Janneke makket dit ynteraktyf troch de dielnimmers de gedichten lêze te litten. Foar de ynterviewbondel wie it de bedoeling om yn petear te gean mei in tal froulike dichtersessen. Lykas elk wit, binne sawol Baukje Wytsma as Aggie van der Meer koartlyn stoarn. Janneke hat Aggie noch wol ynterviewe kind, Baukje spitigernôch net. It projekt rint noch oant maart 2024 en de bondel sit útkomme by de Afûk.

Nei de lêzing waard noch in gesellige **neisit** hâlden. Ferline jier waard opmurken dat der temin tiid wie foar ynformeel kontakt, dêr wie dit jier ta tefredenheid fan de oanwêzigen mear gelegenheid ta.



De **sneintemoarn** gienen we mei it grutste part fan de dielnimmers it fjild yn, foar in frisse noas. It wie wat wiet, mar dochs hawwe genoaten fan de hjerstkleuren en koenen we wer mei enerzjy en in soad aardige ideeën yn 'e holle wer op hûs oan.



De fiver dêr't in tal guozzen swommen



In petearke by de beam...



It ljocht sa betiid wie by tiden magysk!



Hokker bist ferskuollet him yn dit hol?

*Kommende hjerst/winter is der wer in Skriuwerswykein!
Sa gau de datum keazen is, wurdt dat mei jim dield!*